

Bijlage VMBO-GL en TL
2026

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

Fryske studinten op staaasje yn Gambia

Yn in rammelbak út Nederlân nei Gambia reizgje om dêr staaasje te rinnen. Jelte de Jong, Jakoba Pries en Harm de Jong, trije ûndernimmende mbû-studinten fan ROC Firda, hawwe it útdaagjende aventoer dêr't de stifting Go for Africa by belutsen wie, mei grut sukses folbrocht. Se binne wer thús, de âld Volvo is yn Gambia efterbleaun.

(1) "Slagget it mei de brânstof? Wy hawwe minder as tweintich liter, daliks dus noch efkes tanke." Jelte de Jong sit efter it stjoer fan in Volvo 850 út 1994. De studint fan It Hearrenfean kommunisearret mei help fan in 27MC-bakje¹⁾ mei de bestjoerders fan fjouwer oare ferfiermiddels. Mei-
5 inoar foarmje se ien groep, ien tiim. Nei de húshâldlike meidieling set er de folume knop wat lûder, want it is de heechste tiid foar 'Loonwarker' fan Mannenkoor Karrespoor. Neist him sit de Koudumer Jacoba Pries, al hast fjouwer jier syn klassegenoat, no tydlik yn de rol fan navigator. Harm de Jong út Snits hat in plakje op de efterbank fûn, hy sit lekker ûnderútsakke
10 te genietsjen fan it lânskip dat foarby glidet. It trio folget op It Hearrenfean de oplieding spesjalist mobile technyk. De trije studinten hawwe harren foar dizze aventoerlike reis fan likernôch 7500 kilometer 'The Young Ones' neamd. In mei ferdrach útkeazen namme dy't oan de efterkant fan harren âlde wein op in planke stiet.

15 (2) De natuerlike omjouwing eaget wat mysterieus, mei oan wjersiden fan de asfaltearre dyk keale heuvels en grillige rotsformaasjes. Der is yn dizze streken mar in bytsje begroeiïng. De skiterige strûkjes dy't hjir en dêr as koekkrommen boppe it meanfjild útstekke, lykje de striid mei it Saharasân te ferliezen dat hieltyd fierder opskoot. De pear dadelpalmen
20 driigje as gefolch fan de drûchte ek te ferdwinen. Inkelde oeren earder is it selskip ôfset út it Súd-Marokkaanske stedsje Icht wei, net fier fan de Westlike Sahara. Pompstasjons binne hjir hast net, net earder as dat se it doarpke Timoulay ynride, sjogge se lang om let ien. "Dy kâns moatte wy gripe", ropt Jelte entûsjast. "De folgjende sjogge wy miskien net earder as
25 mei in oere. Kinne wy fuort in bakje kofje drinke en efkes in eintsje kuierje. En genietsje fan de sinne."

(3) Foar dat lêste komt de brede efterklep fan de Volvo goed fan pas. "Ast derop lizzen giest, dan falst samar yn 'e sliep", wit Harm te fertellen. "It is foaral in poerbêst plak om te sitten omdatst de fuotten op in houten kiste
30 derûnder sette kinst. De kiste hawwe wy mei bouten en karrosseryringen fêstmakke oan de fytседrager en dêrtroch is ekstra bagaazjeromte ûntstien. Hiel geskikt om bygelyks ús tinten yn op te bergjen. De Snitser studint tikket dêrby mei syn Fryske klompen tsjin it houtwurk fan de kiste oan. Inkelde groepsleden út Limboarch moatte dêrom gnize. Harm:
35 "Fryske klompen yn Afrika, wat is dêr no sa frjemd oan? Klompen sitte ommers noflik en binne stevich en duorsum. Se beskermje boppedat de fuotten; ik hoech net benaud te wêzen as ik yn dizze woestyn by fersin op

in skorpioen traapje. En dat se fersierd binne mei Fryske pompeblêden, dêr bin ik grutsk op. Bytsje sjauvinistysk, mar dat moat kinne. En dy
40 suderlingen mar tinke dat it hertsjes binne”, laket er.

(4) “De pompeblêden binne ek fertsjintwurdige op de auto, dat is net tafallich.” En as wy it dan dochs oer de Volvo hawwe: dy docht it oan no ta fantastysk. Jacoba fertelt: “Wy hawwe de auto krigen fan Johan Hoekstra. Ik wurkje by him, as ik der tiid foar haw neist myn stúdzje. De
45 auto hat twa jier stilstien en doe’t wy de auto oantroffen hie er noch gjin trije ton op ’e teller stean, mar de akku wie fansels leech. Wy hiene al gau troch dat der in oarenien yn moast. Yn dizze fiifsilinder bensine-auto sit no in gruttere diselakku. Dat hat noch gjin swierrichheden opsmiten. Om de wein yn oarder te meitsjen, moast der noch in soad barre. Hast efkes? Wy
50 hawwe ûnder oaren de multyriem, de foarremskiven, de efterfearren, de rutewiskers, alle filters en twa bannen ferfongen. Gelokkich binne wy alle trije handich. De measte materialen en ûnderdielen, en dêr heart ek in âlde mar brûkbere efterbank by, hawwe wy foar in pear sinten krije kinnen by in autosloperij yn Grins.” “Machtich moai wie dat!”, laket Jelte.

(5) Krekt foardat de rit fierder giet, klauteret Harm noch gau efkes op it dak. Hy kontrolearret oft alle bakken, dêr’t ûnder oaren blikfoer yn opburgen is, goed fêstsitte. Fan fruit oant bargelapkes en hinneragût. In pot moster leit feilich binnen. “Ik bin der gek op en kin der eins net sûnder”, jout Harm ta. It ferklearret syn bynamme De Mosterman. De trije
60 studinten krûpe om bar efter it stjoer. Diskear is it Jacoba dy’t it gaspedaal yntraapje mei. Ut de speakers knalt de roudouwerssong ‘Skjin oan ein’ fan De Hûnekop, ien fan har favorite bands. Se hat in Terror-outfit oan mei in deadskop derop, mar dit is blykber net it momint foar hardcore. “Ik haw yn oktober myn rydbewiis helle, it autoriden befalt my. Myn dream is om wat
65 te dwaan mei frachtweinen. Ride en sleutelje tagelyk.”

(6) Nei in ynspannende reis komt, noch ear’t it tsjuster wurdt, El Marsa yn sicht. Yn de stêd, dy’t yn de Westlike Sahara leit, bringe se prinshearlik de nacht troch yn in hotel. De tinten kinne yn de kiste bliuwe. Tsien dagen letter berikke ‘The Young Ones’ sûnder ynsidinten de einbestimming
70 Tanji. Itselde jildt foar harren groeps- en provinsjegenooten Bert van der Veen en syn partner Gerda Wedzinga. Van der Veen is as dosint autotechnyk ferbûn oan ROC Firda en begeliedt de trije studinten yn harren staažeperioade. De ynwenners traktearje de yn totaal 53 Go for Africa-avonturiers op in waarm wolkom. Inkelde dûnsgroepen etalearje op
75 it ritme fan de djembee harren keunsten, ôfwiksele troch westerske klanken dy’t produsearre wurde troch de pleatslike harmony.

(7) Nei in wolfertsjinne rêstdei moat der wat út de wei set wurde. Jacoba, Harm en Jelte reizgje yn trije wike op en del nei Sifoe, dêr’t se op it Skill Education Center fan de organisaasje Young People Without Borders
80 lessen elektrotechnyk fersoargje. Dat bart mei wikseljend sukses. “Wy hawwe ús fersjoen op it nivo fan de learlingen. Se fine de meast basale lesstof dreech. Al is it in bysûndere en learsume ûnderfining om foar de klasse te stean, foar my persoanlik is dat in primeur. En sa hawwe der dizze reis al safolle primeurkes west”, fettet Harm gear. Nei trije wike

85 feroaret it trio fan staaasjeplak. By de Pia-skoalle yn Bakau leit de latte
fuort in ein heger. Mei de learlingen geane se oan 'e slach om in Toyota
Hi-Ace, in buske dat Brabânske reisgenoaten nei Gambia riden hawwe,
om te bouwen ta ambulânse. Dat dogge se yn kombinaasje mei it jaan fan
(teory)lessen autotechnyk. De misje slagget poerbêst en de nije
90 ambulânse wurdt skonken oan in medyske foarsjenning yn in doarp yn it
Easten fan Gambia.

(8) "Dizze grinsferlizzende ekspedysje hat my yn meardere opsichten in
hiel soad brocht. Foaral de ferskillen tusken Gambia en Nederlân fûn ik
konfrontearjend. Gambia is in stik earmer, mar de minsken binne oer it
95 generaal waarmer", konkludearret Jelte op it fleanfjild fan Banjul, mei
triennen yn 'e eagen. "It wie in belibbenis dy't men mar ienris yn jins
libben meimakket en dy't tal fan kostbere oantinkens opsmitten hat. Ik haw
in soad leard oer mysels, groepsdynamyk en de ferskate kultueren en
lannen dy't wy bereizge hawwe. Dêrneist haw ik ek myn feardichheden in
100 hiel ein ferbettere. De moaiste staaasje dy't men jin winskje kin", beslút
Jacoba. "Bêst dreech om daliks yn dy fleanmasine te stappen..."

Chris Korsten, Leeuwarder Courant, 22 april 2023

noot 1 In 27MC-bakje is útstjoerapparatuer foar amateurs, dy't gebrûk makket fan de 27MC-
bân.

Wêrom't Friezen it dreech fine om oer emoasjes te praten

Hoe sprong Fryslân de lêste iuwen om mei geastlike sûnens? En hoe sit dat no: doare wy ús sieleroersels te bepraten by de keukenstafel? Anne-Goaitske Breteler (27) wijt der in boek en in tentoanstelling oan. "It is net samar datst hjir faak hearst: se kinne wol tinke."

- (1) It wie sa'n seis jier lyn doe't de âlden fan Breteler besite krigen fan in befreone psychiater. Hy wurke lange tiid yn Den Haag en wie koartlyn weromkommen nei Fryslân ta. En der wie wat dat him opfoel. Syn pasjinten yn de Rânestêd praten makliker oer harren emoasjes as dat se op it Fryske plattelân dogge. It wie dúdlik, sei er. De oarsaak dêrfan is net allinnich te ferklearjen troch erflikheid, mar soe te krijen hawwe mei sosjale histoarje. Der lei neffens him dan ek in prachtich antropologysk ûndersyk te wachtsjen. "Hy wist dat ik dêryn in oplieding folge haw, dus de hint wie helder", laket Breteler, dy't de want oppakte mei tawijing.
- (2) In yntinsyf ûndersyk folge. Se luts in soad plattelânsbewenners oan 'e mouwe oer it ûnderwerp en sleat harsels op yn ferskate Fryske argiven. It resultaat: de eksposysje *De laatste dagen van de dorpsgek*. Dêrneist pakte se de pinne op en hopet se gau in boek mei deselde namme op papier te setten.
- (3) Earst de eksposysje. Breteler is tentoanstellingsmakker. Yn Nes (Noardeast-Fryslân) wisten se fan har boekplannen en fregen de skriuwster om in eksposysje oer har ûnderwerp op poaten te setten. "In prachtich poadium om it ûnder de oandacht te bringen." De eksposysje *De laatste dagen van de dorpsgek* wie te besjen yn Teätersjerke Nes.
- Fitrines kaamst net tsjin yn de tsjerke. Op de tsjerkebanken leine grutte platen dêr't de objekten op útstald wiene. Alles wie ferbûn oan in tema. 'Rykdom', 'earmoed', 'de rol fan de frou', it fenomeen 'doarpsgek', en 'psychiatry op it plattelân', it wie allegearre ûntliend oan it ûndersyk fan Breteler.
- (4) Besikers koene harren deljaan op in sofa yn it 'Freudhoekje', neamd nei de ferneamde psycholooch Sigmund Freud. Dêr pakten se in kaartsje mei dêrop in fraach oer in emoasje. "Do ûnderfynst dan wat it mei dy docht ast bygelyks neitinkst oer 'betizing'", seit Breteler. It is neffens har wichtich om it ûngemak fierder te ferdriuwen.
- (5) Mar dat Fryske opkropjen, wêr komt dat dochs wei? Om dat te efterheljen naam se in sprong yn de tiid. It ûndersyk beslacht benammen de perioade ein njoggentjinde, begjin tweintichste iuw. "Sa koe ik minsken ynterviewe dy't fan in generaasje letter binne. Sy wisten de ferhalen noch fan de minsken dy't yn dy tiid libben", seit de ynwenster fan Moddergat.
- (6) Hast elkenien ken wol ien dy't te lijen hat fan mentale problemen, seit Breteler. Foar it ûndersyk gie se ek op besite by har beppe. Dy fertelde oer Breteler har oeroerpake. "Dy hat himsels tekoart dien. It klokje dat er op dat momint by him hie, is it earste foarwerp dat men tsjinkaam op de

tentoanstelling. Dat fertelde ik ek oan deselden dy't ynterviewd binne. Ik
40 kin net fan harren ferwachtsje om de swarte famyljesiden iepen te slaan
sûnder sels ferhalen te dielen." De skriuwster fertelt dat der op it Fryske
plattelân generaasjes lang amper oer emoasjes praat waard. "Ast yn in
lytse mienskip ferteldest oer dyn mentale problemen, dan koe dat de
famylje-eare oantaaste. Dat woest foarkomme en dus seist neat.

45 Boppedat wiest fan dyn berte ôf ûnderdiel fan dyn omjouwing. Dat kin
feilich fiele, mar soarget ek foar ôfhinklikheid", seit se. "Want wat bart der
as men jin kwetsber opstelt?" Wylst doarpslju har meastentiids mear
rjochtsje op it kollektif, binne bewenners fan de stêd faak wat
yndividualistysker. Net sa gek, tinkt se. "Dêr wurdt men minder gau
50 ôfrekkene op ôfwikend gedrach."

(7) Fierders wie de kennis fan geastlike sûnens eartiids tige beheind. Sa
waarden minsken mei it downsyndroom 'simpl' neamd en ien dy't in
depresje hie, wie gewoan 'swier yn 'e holle'. Der wurdt neffens Breteler
noch wolris tocht dat se yn Fryslân efterrûnen op it mêd fan psychiatryske
55 soarch. Dat kloppet net, seit se. Eksimplarysk is de situaasje fan
Frjentsjer yn 1851. "Dêr kaam doe in kranksinnigegesticht. De direkteur
pleite derfoar dat bewenners oan it wurk giene op it lân. In fertroude
omjouwing wie neffens him fan grut belang."

(8) Yn de twadde helte fan de tweintichste iuw waarden der grutte
60 stappen makke. Benammen yn de jierren 70, troch de opkomst fan de
antypsychiatri¹⁾. De titel *De laatste dagen van de dorpsgek* slacht dêr op.
"De saneamde doarpsgek kin no goede soarch krije. Hy wurdt mei in
taksybuske nei in geskikt opfangplak brocht", fertelt se. Dêrneist slacht de
titel op it ferswijen fan geastlike problemen. "Want net ien woe de
65 doarpsgek wêze." Dy groei fan kennis, en dêrmei it begryp, is oant de dei
fan hjoed trochset. Dochs binne wy der noch lang net, mient Breteler.
Hielendal op it Fryske plattelân. Se fynt dat wy de ferskillen tusken
minsken mear akseptearje moatte.

(9) "Net om 'e nocht hearst hjir faak: se kinne wol tinke..." Gjin sûne
70 gedachte, mient se. "Lit ús krekt mear iepenstean foar de fariaasje. As dat
op gruttere skaal bart, dan doarst sels ek makliker fan de noarm ôf te
wiken." En dat jildt hielendal foar it bepraten fan dyn gefoelens, seit se.
"Want men hoecht dêr net perfoarst foar oan te klopjen by ynstânsjes.
Freonen of jins buorlju kinne dêr ek in rol yn spylje. En ik wit, it is
75 diskutabel om te sizzen, mar yn it noarden lykje wy dat minder maklik te
dwaan as yn bygelyks it suden fan it lân." Hielendal yn de agraryske
húshâldingen. Se fertelt dat men dêr net in soad keukenstafels fynt dêr't
se alle wiken harren gefoelens by beprate. Der is altyd wol wat te dwaan
op it hiem of dêromhinne. "Gefoelens wurde letterlik 'ferwurke'. Mar
80 meastentiids net yn de goede sin fan it wurd."

(10) De ynterviews en it omsneupen yn argiven joegen Breteler ek
ynsjoch op persoanlik mêd. Har heit, de sjonger en keunstner Gerrit
Breteler, ferstoar ferline jier. "It wie bizar. Ik wie doe mei myn boek
dwaande mei it haadstik oer froulju." Sy moasten by in stjergefal harren
85 fertriet foar har hâlde. Oars drigen se foar hystearika fersliten te wurden.

“It kaam doe ynienen hiel tichtby. Skriuwe oer eat dat ik sels fiede. Dat wie yngewikkeld.” Tagelyk joech it har hânfetten. “It waard my namste dúdliker datst utering jaan moatst oan dyn gefoelens. Ik hoopje dat wy dat yn Fryslân hieltyd mear dwaan sille”, seit Breteler. “Allinnich op dy wize
90 kinne folgjende generaasjes dat oernimme.”

Redmar Bosma, Omrop Fryslân, 11 maart 2024

noot 1 De antypsychiatrie is in wize fan tinken dy't kritysk sjocht nei hoe't minsken mei psychyske problemen behannele wurde.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.